



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE Wirdum Fr e.o. 25-8-2019

Tsjinst fan de tarieding



Hjoed giet ds. Hinne Wagenaar foar. Hij bidt no't de fakânsje en it doarpsfeest achter ús leit en de skoallen wer begjinne om Gods geast bij it oppakken fan it gewoane



libben. Ek om iepenheid en ynspiraasje foar elts op ús eigen wei mar ek as gemeente meiinoar. Liet om mei te begjinnen: 213 'Dageread fan de

ivichheid'.

Ds. Wagenaar fynt it fijn om yn syn âlde gemeente te kommen mar moat der suver oan wenne dat men tidens it sjongen net mear yn de boekjes sjocht mar omheech nei de beamer.



Nei de bemoediging folgt it 'gebed fan Neierkommen': (Foargonger:) Ivige en goede God No't wy hjir gearkommen binne by Jo en by elkoar, moatte wy sizze dat wy bytiden, fier fuort binne fan jo, fan elkoar en fan ús djipste sels.

Wy freegje Jo (Gemeente:)

Bring ús werom by elkoar. Dat wy meielkoar fierder kinne. Beskermje ús troch jo leafde. Amen.

Dêrnei sjonge wy liet 117 d: 'Laudata omnes gentes' en yn it Frysk: 'Bring hulde alle folken.'

Skriftlêzing

De lêzing is út Genesis 28: 10 – 17. Oanslutend wurdt der songen : 'Take, o take me as I am' en 'Nim my, nim my sa't ik bin.'

Dan folget de lêzing út Mattéus 5: 1-10: de bergrede: de zaligsprekingen. Ds. Wagenaar lêst syn eigen fertaling fan de zaligsprekingen foar.

Preek

De foargonger jout oan dat hy no al wer sân jier mei Nijkleaster dwaande is en yn juny 2012 syn lêste tsjinst yn Wirdum hâlden hat. Om dizze sân jier te markearen hat hy in boek skreaun oer 'de zaligsprekingen': 'De Zalige Eenvoud'. It hat te meitsjen mei de spiritualiteit dy't ûntwikkele wurdt foar Nijkleaster.

De 'zaligsprekingen' dêre ha jo de hannen fol oan. It wurdt sjoen as striid om de berch op te komen. As je de 'zaligsprekingen' groeie litte, goed klimme, fertsjinje jo de himel, it heil. It gewoane is hjoed de dei hast net mear goed genôch jo moat útblinke en grutter, sterker, moaier wêze as de rest. Op de beamer ferskynt in ykoan mei in Jakobsljedder: 'In protte minsken geane op de ljedder nei boppe, rjochting himel. Mar rûnom binne ek duvels dy't persoanen nei ûnderen lûke fan de ljedder ôf. Ingelen geane op en del.'

Ien fan de ferhalen fan dizze striid is Jacob syn ferhaal. Hy realisearret dat er der in púnheap fan makke hat. Berou en belidenis wurde meinommen nei boppe en de seine en beloften fan God komme werom.

Dat wy libje kinne ten folle net út prestaasje, mar út wat wy ûntfange meie. Wy moatte ús iepen stelle om it goede fan God te ûntfangen. Dat is ek geastlike libje.

Albert Minnema spilet op it oargel.

Wy sjonge liet 834: 'Wol my fernije, ivich ljocht,'



Meidielings.



De blommen geane nei
Sándor en Elly Weerstra

De earste kollekte is foar de
diakony en de twadde foar
it ûnderhâld fan de

gebouwen.

Ds. Wagenaar jout noch even de stân fan saken oer
it kleaster oan. Begjin oar jier wurdt start mei de
restauraasje en de bou. En noch in jier letter sil de
'intrekking' yn it kleaster pleatsfine.

Yn it programma De Verwondering tidens in
interview waard him frege: hoe ôfhinklik is it kleaster
fan ds. Wagenaar en syn frou? Hy kin as antwurd
jaan dat it de bedoeling is dat it ûnôfhinklik fan him
en Sietske wurde moat.

Slotlied en seine

De gebeden wurde ôfsletten mei it songen 'Us heit'
en it slotlied is 423. 'No't wy wer fuortgean freegje
wy God: gean mei jo ljocht foar ús út.'



Nei de seine, skodzje wy us âlde en fertroude dûmny
de hân om dêrnei it prachtige hite simmerwaar wer yn
te gean.



Medewerking aan deze dienst is verleend door:

- Voorganger: ds. Hinne Wagenaar
- Organist: Albert Minnema
- Ouderling: Elizabet Mozes
- Diaken: Nieske Span en Tjitske Cossen
- Koster: Gerrit de Vries
- Beamerpresentatie: Hendrik Hiemstra